

Bijlage VMBO-GL en TL
2012

tijdvak 1

Fries CSE GL en TL

Tekstboekje

Petear mei Knuffelfries Syb

(1) Is der wat mei ús taal, dan witte de lanlike media Fryslân wol te finen. Mar it binne eins altyd mar in pear minsken dy't wy dan oer it Frysk praten hearre. Ien fan harren is Syb van der Ploeg. "Ik krij sa'n bulte oanfragen om wat oer myn memmetaal te sizzen, dat ik mar op de helte fan dy fersiken yngean kin", seit Syb van der Ploeg.

(2) Syb syn langferwachte solo-album wie in dûbel-cd. Hy koe net kiese tusken in Frysk- of in Hollânsktalige cd en makke dêrom twa: de iene yn it Frysk, de oare yn it Hollânsk. Binnen de provinsjegrinzen binne benammen de Fryske nûmers te hearren, yn Hilversum draaie se sawat allinnich de Hollânske ferzjes. Eins is dat spitich. Wie it allinnich in Fryske cd, dan hiene se bûten ús grinzen ek noch ris wat mear fan de Fryske taal heard. It positive fan de nije dûbel-cd is fansels wol dat se yn de rest fan it lân no ek witte wêr't Syb oer sjongt. Syb skreau guon nûmers yn it Frysk en oare yn it Hollânsk. Foar de cd is alles oerset. "Dêr haw ik hiel lang mei dwaande west. Sûnder help krige ik it net klear, want ik kom út in tiid dat it Frysk yn it ûnderwiis fuortbesunige wie."

(3) Tige optein is er oer it feit dat de generaasje fan syn dochter no twa- of sels trijetalich ûnderwiis kriget. Sels hat er de skea al wat ynrûn. "Ik haw in soad Fryske boeken lêzen, mar sûnder korrektor kin ik net. Mei dat oersetten is it in hiele puzel om beide nûmers like goed en rinnend te krijen. Ik fyn it ek moai hear, om sa mei de taal te wrakseljen." Likegoed sjongt Syb guon

nûmers leaver yn syn memmetaal en oare leaver yn it Hollânsk. 'Wyn yn de seilen' haw ik bygelyks hast noch nea yn it Hollânsk songen, mar 'Als ik jou zie' fyn ik dochs better yn it Hollânsk."

(4) As artystyk lieder fan de Fryske Music Night freget er ek alle jierren oan artysten út de rest fan Nederlân om in eigen nûmer yn it Frysk te sjongen. "Ik set in nûmer oer en sjong it yn. Dan kin de artyst it út de holle leare." Sa koene earder Xander de Buisonjé, Henk Westbroek en Rob de Nijs op in steande ovaasje rekkenje foar in Fryske fariant fan harren hits. Op sokke mominten blykt wol wer hoe grutsk oft Friezen op harren taal binne. Posityf sjauvinisme neamt Syb dat. "De artysten witte bytiden net iens wat se sjonge, mar de reaksje fan it publyk makket alles goed. Xander de Buisonjé bygelyks fûn it machtich. Alle kearen as ik him letter op 'e televizje seach, fertelde er grutsk dat er in nûmer yn it Frysk songen hie!"

(5) Syb tinkt dat der in grutte kâns is, dat er hieltyd mear Fryske nûmers meitsje sil. "Ik kom hieltyd tichter by hûs. De Fryske taal stiet ticht by my en mei de grutte Fryske wurdskat kin ik my goed rêde."

(6) Tasizzings docht er net. "As ik graach in nûmer yn it Hollânsk meitsje wol, dan doch ik dat. Ambassadeur fan de Fryske taal of net. Ik fiel my ta neat ferplichte." Mar soenen guon minsken harren net wat op de teantsjes trape fiele as ús Knuffelfries aansen mei allinnich in Hollânske cd komt? "Dat ynteressearret my gjin byt, ik doch wat ik wol."

Atsje de Vries

út: Pompeblêden, nr. 5, desimber 2008

Hoelang hâldt Burdaard noch in doarpwinkel?

(1) Foar Jentsje en Marijke de Jong hat it nei trettjin jier moai west. Harren Sparwinkel yn Burdaard stiet al in pear jier te keap. Der is noch
5 bêst wat fan te meitsjen, mar it is de fraach oft it doarp de winkel hâlde kin.

(2) Jentsje de Jong wit noch goed hoe't sy yn 1997 úteinsetten. Se kamen yn Burdaard en seagen wat om har hinne. It iis lei noch yn de Dokkumer Ie, de sinne skynde op de mole en se tochten: hjir moat it wêze. "Wy wienen eins fjirtjin dagen te let,
15 want doe hie de lêste Alvestêdetocht west." Mei de unike lizzing fan de winkel tusken de Haadstrjitte en it wetter fan de Ie wie der perspektyf genôch. Jentsje hie wol in idee wêr't er oan begong, mei yn syn achterholle de jierren dy't er op de ridende winkel fan syn broer yn Winsum trochbrocht. Foar Marijke wie it oars. Sy joech in funksje as haad fan de Bloedbank op om
20 tegearre de winkel te runnen.

(3) Mar it slagge. "Wy gongen der mei twa pear hannen tsjinoan. En wy krigen it wer op 'e rit." Mear as dat. De húshâlding, mei twa jonge bern, hold der in goed bestean oan oer. En it stel krige in sintraal plak yn it libben fan de Burdaarders. Klanten dielden moai en mâl mei de winkellju, en oarsom. "It persoanlike kontakt, dat hat my altyd oansprutsen", seit Jentsje dêroer. "Stiest midden tusken de minsken. Se fertelle alles. Dat is sa moai. En as der ien yn 'e earmoed sit, dan binne wy der ek." De Jong ken syn klanten yntusken troch en troch. "Ik kin no oan it krat boadskippen sjen wa't de klant is en wêr't it hinne moat. Der hoecht gjin briefke mear by."

(4) Hieltyd faker sjocht er immen foarby kommen dêr't er fan tinkt: dy ha 'k al in skoftke net yn 'e winkel sjoen. "Mar sa likernôch fiif, seis jier ferlyn, doe't Albert Hein de earste oanset joech ta de prize-oarloch, kaam de omslach echt. Sûnt dy tiid is de konkurrinsje mei de grutte supermerken yn Dokkum en Ljouwert in stik lestiger wurden. Benammen doe't dêr de resesje noch oerhinne
50 kaam. "Dan komst as lytse winkel yn 'e knipe. Kinst net meidwaan mei dy lege prizen."

(5) Yn de jierren dêrfoar hie it ûndernimmerspear wol wat fet op de bonken kweekt. Doe't bliken die dat it swiere waar yn de brânzje oanhoud en se der jild op talizze moasten, gong de aardichheid derôf. Yn alle gefallen foar Marijke. As it tsjinsit, wurdt
60 fjouwerentweintich oeren deis mei-elkoar oparbeidzjen te belêstend, fûn se. Se socht en fûn in oare baan. Jentsje begriep dat. "Je wurkje der sa hurd foar, en as it jin dan by de hannen om't ôf brekt, dan is dat ôfgrysliek."

(6) Twa en in heal jier ferlyn ha se besletten om de winkel te ferkeapjen. Foar Jentsje wie de aardichheid der ôf, sa sûnder Marijke. Al bliuwt er it noch hieltyd it moaiste berop finen. Mar as er hiel earlik is, hat er sels ek gjin nocht mear om der foar hûndert persint tsjinoan te gean. Dêrfoar hat er de lêste jierren tefolle tsjinslach hân. "Al is der fansels noch altyd in kern fan trouwe klanten, je sjogge bygelyks dat dy loyaliteit ôfnimt". Bitter is De Jong dêr net oer: "It is in maatskiplike ûntjouwing dy't net sa gau te kearen is. Minsken ha twa, trije auto's, dan is Dokkum om 'e hoeke."

(7) Dochs wol it him net oan dat de winkel út Burdaard ferdwine sil. “Dat leau ik net. Ik wit dat der foar in doarpswinkel noch kânsen binne.” Boppedat hat Burdaard in streekje foar op in protte oare doarpen fan deselde grutte (sa’n 1200 ynwenners). It leit nochal in ein fan grutte plakken ôf, en der komme simmerdeis hiel wat boatsjelju foarby. En dat sille allinne noch mar mear wurde as de Noardlike Alvestêderûte hielendal ree is. “Dat is echt in grut foardiel. Yn oare doarpen sjochst yn de fakânsjetiid de omset sakjen. By ús wurdt dy dip troch de toeristen goedmakke. Dat makket it hiele jier stabyl.”

(8) Arguminten genôch, mar wa lit him oertsjûgje? “It leafste soe ik in nij stel fine, dat der tegearre mei faasje tsjinoan giet. Der rinne noch wat petearen mei lju dy’t belangstelling ha, mar in trouw pear sit der net by. It wichtichste is dat it in winkel bliuwt”, fynt De Jong, al is dat ek al gjin betingst mear. Sûnt in heal jier stiet it

pân ek al te keap by in makelder. “Ik soe it spitich fine dat de saak ferdwine soe. Mar wy binne no sa fier dat wy sizze: in partikulier mei ek. Al hat dat net ús foarkar.”

(9) En dan? Foar Jentsje is de takomst nei de oerdracht noch in grut fraachteken. Al is ien ding wis, hy meldt him de oare deis fuortendaliks oan by in útstjoerburo, want neatdwaan leit him net. Oft er mei syn 48 jier wer in eigen saak begjint? “Ik ha earst efkes tiid nedich om de akku wer op te laden. Mar ik ha it ûndernimmersbloed wol yn my.” Ek foar de bern fan njoggentjin en sechtjin jier sil it frjemd wêze. “Se witte net better as dat de winkel der is.” En ek foar Burdaard is it min yn te skatten hoe’t de takomst wêze sil. “Wy krije hiel aardige reaksjes, minsken fine it spitich, mar begripe it wol. Se hoopje al dat de winkel bliuwt.” Oft dat sa wêze sil, leit benammen oan Burdaard sels.

Erik Betten

út: Friesch Dagblad, 30 jannewaris 2010

Moarn

(1) Sosjale ûndersikers hawwe in bûtengewoan gefoel foar wat fan belang is. Dat die okkerdeis wer bliken. Yn de *Leeuwarder Courant* stie op 'e foarside in koart ferslach fan in ûndersyk nei it 'goeie-sizzen' yn Nederlân. Koartsein: men groetet inoar hieltyd minder, útsein yn it Noarden.

(2) Konklúzje: it sosjale libben giet nei gichem. By alle ellinde dy't de wrâld treft, wurdt it inoar-groetsjen ek noch in achterhelle ritueel. Neffens it ûndersyk wurde de lêste plakken dêr't men inoar noch de tiid fan 'e dei seit, sa as De Jouwer, wat langer wat mear toeristyske trekpleisters.

(3) Dochs is it ferskynsel net nij. Ype Poortinga fertelt yn ien fan syn bondels folksferhalen oer in boer dy't in nije arbeider yn it wurk hat. Sjocht dy moarns de boer, dan is it: "Moarn, boer." De boer seit neat werom. Dat gyng sa in pear dagen en doe joech de boer him dien. Dat geseur elke moarn oan 'e kop! Poortinga jout gjin statistiken, mar oer it algemien is men fan betinken dat dy gefoelichheid benammen ûnder boeren nochal ris foarkaam.

(4) No't der hast gjin boeren mear binne, kinne yn Fryslân de omgongsfoarmen har yn alle frijheid ûntwikkelje. Moasten jo je eartiids by de boer stil hâlde, tsjintwurdich is it doei-doeien net fan 'e loft. De minsken binne spontaner wurden. Yn it Suden en Westen hie men wol boeren, mar

nea op sa'n skaal as yn Fryslân. Boppedat hie de boerementaliteit dêr de noardlike swiersettigens ek net. In befrijing fan de bazige boer hawwe se dêr nea meimakke. Ik ha dêr noch moai wat fan meikrigen.

(5) Moarns bin ik noch altiten wat skruten om mei in soad leven oaren te begroetsjen. Doe't ik op myn tritichste foar it earst yn Leiden kaam en de omropsters op it spoarstasjon hearde, leaude ik myn earen net, sa moai songen dy lju dêr. Net allinne by it spoar, mar ek yn winkels en thús. It wie de hiele dei, fan moarns ier it earste wurd oant jûns it lêste, as sieten je yn de opera.

(6) Ik mis ek wat yn it krante-artikel. Dy ûndersikers binne blykber gjin busklanten, want dat hie harren leare kind dat njoggen fan de tsien skoalbern swijend foar de sjauffeur harren kaart opstekke. Dat is al jierren it gefal. Mar der is noch hoop. Yn supermerken dogge de kassafamkes op oanstean fan de managers alle war om jin in goeie dei ta te winskjen. It blykt in drege matearje, want hoewol't de famkes harren bêst dogge, treft men mar hiel inkeld guon dy't soks klinke litte kinne as dienen se it út harsels, samar om jin werklik alle goeds ta te winskjen.

(7) Dêr leit dus noch in moaie taak foar ûndersikers mei each foar sosjale ferhâldings en hoe dy te ferbetterjen.

Willem Winters

út: Leeuwarder Courant, 5 juny 2010

In folkstún is in sûne saak

(1) It hiele jier ite fan eigen tún.

Folop griente en fruit, sa'n soad dat de beide friezers nei de

simmerfakânsje oan de kop ta fol

5 **sitte. By 't winter neigenietsje fan de selsmakke jam en de jirpels yn de kelder. Wa't mei hert en siel op syn folkstún wurket, soarget alle dagen foar smaaklik en sûn iten. Jan**

10 **Mosterman (1939) út Ysbrechtum is al goed tweintich jier geregeld drok yn 't spier op syn 600 kante meter grûn by de Vereniging van**

Volkstuinders Nut en Genoegen op

15 **de lokaasje De Noorderhoek yn Snits. "Ik bin fan april oant ein**

septimber hast twa jûnen wyks en sneons de heale dei op 'e bou oan it wurk. Ik bin ek ymker, in pear fan

20 **myn 25 kasten steane op 'e bou. It ferget allegear in soad tiid, mar ik doch it graach."**

(2) Doe't om 1900 hinne rûnom yn Europa in protte arbeiders nei de

25 grutte stêd ferhuzen, kaam it folkstúnkjen op. Foardat it nei ús lân oerwaaide, wienen se dêr yn Ingelân om ende by 1880 hinne al mei begûn. Folkstunen hienen ynearsten as doel

30 om arbeiders in mooglikheid te jaan om harren eigen griente te ferbouwen. Se koenen dan tagelyk fan de natuer genietsje en der waard sels sein dat de arbeiders troch it wurkjen op 'e bou

35 wat minder faak yn it kafee sitte soenen. Al mei al in sûne saak dus. Yn 'e oarlochstiden kamen der letter noch folle mear folkstunen by, gewoan om't

40 der net genôch te iten wie. It fenomeen folkstún is troch de jierren hinne noch altyd net ferlern gien. Yn Nederlân binne der op dit stuit sa'n 1500

offisjele folkstúnferienings, mei yn totaal sa'n 150.000 leden. Minsken út

45 allerhanne fermiddens komme der wat langer wat mear op ôf. Ek yn Fryslân belibbet de folkstún in nij begjin.

(3) It folkstúnkompleks Nut en Genoegen yn Snits waard oprjochte yn 50 1937. De feriening hat twa lokaasjes: De Noorderhoek, mei 165 leden, en De Domp, mei 40 leden. Troch

bouplannen sil lokaasje De Noorderhoek meikoarten ferhúzje 55 moatte nei in stik grûn in eintsje fierderop. It ledetal fan De Domp hat syn maksimum oantal berikt.

Mosterman: "Doe't ik jierren lyn begûn op de folkstún, kaam elkenien gewoan om syn jirpels en griente te ferbouwen, 60 ienfâldichwei om genôch en sûn iten op 'e tafel te krijen, krekt sa't dat yn de oarloch it gefal wie. Minsken hawwe it

no fansels folle better. De lêste jierren binne se op de tún mear dwaande mei 65 blommen, beien en soksoarte fan dingen. Der is dus folle mear fariaasje yn wat ferboud wurdt. Der komme ek

mear houten húskes mei in bleekje 70 derfoar, minsken sitte dêr dan faak te rekreëarjen. In stikje gers, wat blomkes, knyntsjes en in pear hintsjes. Benammen jongeren sykje dêr faak in

75 noflik plakje, it wurdt wat campingeftich op 'e bou."

(4) "Minsken fan bûtenlânsk komôf jouwe sûnt de jierren '80 ek in hiel 80 oare kleur en fleur oan de folkstún. Sy ferbouwe hiel oare produkten: pipers, paprika's, koerzjetten, kouseband, neam mar op. Der binne noch wat

âldere Turkske manlju dy't noch echt mei in âlderwetske hak yn 'e grûn omslaan, wylst in pear tunen fierderop

85 minsken mei moderne trekkerkes oan it frezen binne. Wy hawwe de plantsjes kreas op in rychje, minsken út oare kultueren plantsje alles wat

trochelkoar, minder strak. Wol helje se
90 kroadfollen prachtige fruchten fan 'e
bou. Sa leare wy wer fan elkoar.”
(5) Sa'n fyftjin jier ferlyn wienen der
net safolle froulju lid fan Nut en
Genoegen. Mosterman: “De froulju
95 komme de lêste tiid hieltyd mear
opsetten. Se wolle benammen goed,
sûn iten op 'e tafel en binne o sa op
bestridingsmiddels tsjin. Se freegje
gauris om advizen en wolle fan ús it
100 leafst safolle mooglik leare om úteinlik
mei goede, miljeufreonlike produkten
thús te kommen. Der binne yn it
ferieningsgebou op 'e tún ek wolris
kursussen oer miljeubewust túnkjen
105 organisearre. Dêr wie in soad
belangstelling foar.”
(6) Neffens Mosterman binne de
produkten fan 'e tún folle smaakliker
as dy út 'e winkel. “Griente dy't yn ien
110 seizoen kweekt wurdt, kriget de tiid om

te groeien. De opbringst kin fantastysk
wêze. Jirpels dy't yn alle rêst groeie
kinne, binne folle lekkerder. Kropsaad
dat yn de winkel te keap is, is yn trije
115 wike klear foar konsumpsje. Slaad op
'e tún stiet seis oant sân wiken. Sa
krigest dikke kroppen. Alles hat echt
de smaak sa't it wêze moat. Woartel
smakket nei woartel, blomkoal nei
120 blomkoal. Wy hawwe der ek
fruitbeammen te stean en in protte
ferskillende beibeamkes. In folkstún is
in sûne saak.
(7) “It hat ek dúdlik in sosjale funksje
125 om dêr mei-inoar oan it wurk te wêzen.
Guon minsken hawwe by 't winter in
kacheltsje yn harren túnhúske. As de
oaren sjogge dat der reek út in
skoarstien komt, geane se dêr efkes
130 oan om in kopke kofje. Guon fiele har
mear thús op de tún as yn har eigen
hûs.”

Nei Baukje Wytsma

út: No, tematydskrift, febrewaris 2009